



# KURRIKULUM • FRL



Oanpaste  
grutte opdrachten

Faze 2

# IDENTITEIT & TAAL YN BEWEGING

## Grutte opdracht 1: Ferkenning fan de Fryske taal en meartalich taalbewustwêzen

*Oer de rol en wearde fan de Fryske taal en oer de rol en wearde fan meartaligens foar de ûntjouwing fan har identiteit.*

*Oer it brûken fan de Fryske taal en metalinguistysk bewustwêzen: it ferskaat en de oerienkomsten tusken Frysk en oare talen, taalgebrûk en har kultueren.*

### Relevânsje

Omtinken, wurdearring en romte jaan oan it brûken fan it Frysk fersterket it selffertrouwen en de wurdearring foar it Frysk en oare thústalen. Omtinken foar it Frysk draacht dêrtroch by oan de ûntjouwing fan de identiteit fan learlingen.

Troch neist it Frysk ek romte te bieden oan thústalen oars as it Nederlânsk, komme learlingen as fansels yn oanrekking mei meartaligens. Troch each te hawwen foar inoars talen wurdt it metalinguistysk bewustwêzen fersterke, wat it learen fan it Frysk en de wurdearring foar de thústaal fan oaren fergruttet. Meartalich bewustwêzen biedt in kapstôk foar it learen fan nije talen, sa as it Frysk dat docht foar net-Fryskpratende learlingen.

Beslikke oer in meartalich repertoire makket it mooglik om de kommunikaasje en it hanneljen ôf te stimmen op de oar. Soks befoarderet gearwurking (yn en bûten skoalle). Ynsjoch yn de oerienkomsten en ferskillen tusken talen, ynsjoch yn de relaasje tusken foarm en betsjutting fan taal en hoe't taal wurket yn in kontekst, helpt learlingen om it Frysk en taal yn it algemien as systeem better te begripen, te wurdearjen en behâlde te wollen.

It Frysk feroaret ûnder ynfloed fan oare talen, sa't alle talen dat dogge. As minderheidstaal hat it Frysk te meitsjen mei sterke ynfloed fan in dominante taal, it Nederlânsk. Fierders wurdt it Frysk beynfloede troch oare talen dy't in hegere status hawwe trochdat se mear brûkt wurde, lykas it Ingelsk. Dy taalferhâldingen komme ta utering yn de ynterferinsjeproblematyk: Fryske wurden wurde bygelyks ferfongen troch wurden út it Nederlânsk of it Ingelsk. In foarbyld is it Nederlânske sleutel dat faak de foarkar kriget boppe kaai. Brûkers fan it Frysk spylje in wichtige rolle yn it behâld en de ûntjouwing fan it Frysk, om't sy hieltyd wer kieke hoe en wannear't se de taal brûke. Om in trochtochte kar te meitsjen, moatte learlingen kennis hawwe fan de taal. As learlingen har bewust wurde fan har ynfloed op de kwaliteit fan it Frysk, oft se no sels Frysktalich binne of net, kinne se har ferantwurdlikheid foar de taal nimme. Dat kin derta liede dat Frysktaligen faker Frysk prate yn formele en ynformele situaasjes en dat net-Frysktaligen it (earder) akseptearje as oaren Frysk prate.

## Ynhâld

### [Meartalige realiteit]

Learlingen wurde har der bewust fan dat se yn in meartalige provinsje wenje en dat se meartalich binne as se Frysk (en/of in oare thústaal of taalfariëteit (dialekt, strjittaal, fakjargon, ensfh.)) en Nederlânsk prate.

Learlingen wurde har der hieltyd mear bewust fan dat meartalichheid in rykdom is dy't helpt by it begripen en oanlearen fan oare talen.

### [Bewustwurding]

Learlingen ûntdekke it belang fan in goede mûnlinge en skriftlike taalbehearsking fan it Frysk om't se ûnderfine, analysearje en ferwurdzje wat de rol en wearde is fan it Frysk foar harsels en foar oaren, as thústaal, twadde of nije taal, om dysels wêze te kinnen en om optimaal partisipearje te kinnen yn in (Frysk)talige mienskip.

Learlingen wurde stimulearre om it Frysk of in thústaal oars as it Nederlânsk te brûken yn de groep. Dêrtroch ûnderfine learlingen wat de wearde is fan har eigen taal in weardefol plak hat tusken dy fan oaren.\*

### [Taalferkenning en taalbewustwêzen]

Learlingen dogge ûndersykjes troch it Frysk te ferlykjen mei taalfarianten yn Fryslân, it Nederlânsk en oare talen. Sy krije fet op wat talen mienskiplik hawwe en hoe't taalsystemen fan inoar ferskille yn klank, foarm, taalstruktuer en -konvinsjes.

Learlingen ûntdekke dat se by it learen fan in nije taal fierder bouwe kinne op de eigen taal en sy begripe wêrom't bepaalde talen foar de iene makliker te learen binne as foar de oare.

Learlingen meitsje kennis mei it begryp 'harktaal' en wurde har bewust fan de mooglikheid datst dyn eigen taal prate kinst, as de oer dy taal begrypt.

### [Taal yn beweging]

Learlingen leare hoe't oare talen, sosjaal-maatskiplike en technologyske ûntjouwingen en globalisearring it Frysk beynfloedzje. Sy krije ynsjoch yn de ynfloed fan it Nederlânsk en oare talen op it Frysk, en oarsom.

Learlingen brûke Frysktalige boarnen om de sprektaal te ferlykjen mei de noarmearre, skreaune taal en wurde har bewust fan ynterferinsjes. Learlingen kinne dêroer neitinke en op grûn dêrfan har eigen Fryske taalgebrûk en wurdkar oanpasse.

\* Der kin gebrûk makke wurde fan oare oanwêzige memmetalen yn de groep.

# IT IS AL BEGÛN

## Grutte opdracht 2: De Fryske taal leare en brûke

*Oer it learen te behearskjen fan en kommunisearje te kinnen yn de Fryske taal, fierder bouwend op de taalfeardigens fan elke learling.*

### Relevânsje

It begripen, ferwurkjen en adekwaat reagearjen op Frysktalige uteringen is foar alle learlingen yn Fryslân wichtich foar sosjale en maatskiplike partisipaasje yn Fryslân. It giet dêrby om sawol mûnlinge as skriftlike, digitale en multymediale kommunikaasje. It ûnderwiis hat de taak om learlingen, ek net-Frysktalige, feardich te meitsjen yn it brûken fan it Frysk. In groei fan it tal minsken dat it Frysk begrypt en prate kin sil liede ta mear en kwalitatyf bettere ynteraksje en behâld fan it Frysk. Eksplisyt omtinken foar de formele ûnderdielen lêzen en skriuwen makket de sprekfeardigens better en draacht posityf by oan it kwaliteitsbehâld fan de taal.

Foar in part fan de learlingen is it Frysk de thústaal, foar oaren is it de twadde of in nije taal. Underwiis dat rjochte is op it (better) learen fan it Frysk moat fierder bouwe op dy ferskillen yn de begjinsituasje.

### Ynhâld

#### [Feilich klimaat en differinsjaasje]

Learkrêften soargje foar in posityf stimulearjend en feilich klimaat. Frysktalige learlingen doare de taal frijút te brûken en de learlingen foar wa't it Frysk in nije taal is, fiele har feilich om te eksperimintearjen mei de taal en doare flaters te meitsjen.

Learlingen wurde neffens ferlet stipe by har Fryske taalûntjouwing. Learkrêften jouwe har learlingen in ryk en korrektaaloanbod en útdaagjende wurkfoarmen dy't passe by de faze fan har ûntjouwing.

#### [Taallearen en brûken]

Learlingen leare om effektyf te kommunisearjen yn korrekta Frysk. Dat hâldt yn dat learlingen leare om yn it Frysk te praten en petearen te fieren, dat sy mûnlinge, skriftlike, digitale of multymediale ynhâld yn it Frysk leare te begripen en te ferwurkjen en dat se Frysktalige teksten leare te lêzen en te skriuwen. Foar effektive kommunikaasje en korrekta taalgebrûk is it wichtich dat learlingen feardiger wurde yn alle fiif domeinen: it giet om reseptive feardichheden (harkje, lêze) en produktive feardichheden (prate, petearen fiere en skriuwe).

Learkrêften biede differinsjearre learakтивiteiten oan dêr't alle learlingen, passend by it ferlet en de taaleftergrûn, troch útdage wurde om de eigen taalfeardichheid te fergrutsjen.

Learlingen leare hieltyd doelbewuster om har eigen Fryske taalfeardichheid ta te passen en ôf te stimmen op de taalgebrûkssituasje, it doel fan de kommunikaasje en it publyk.

Learlingen wurde troch funksjonele opdrachten útdage om har taalfeardigens yn it Frysk kreatyf en fleksibel yn te setten. Learkrêften stimulearje learlingen om dêrby har algemiene taalkennis en taalfeardichheden (ofwol feardichheden en kennis út *the common underlying proficiency*, Cummins) te brûken. De Fryske taalûntjouwing wurdt stimulearre troch in funksjoneel, eigentiidsk, ryk, auditoryf, skriftlik en multymediaal Frysktalich oanbod dat útdaget ta ynteraksje en taalproduksje. Learlingen meitsje kennis of leare watfoar helpmiddels der beskikber binne om de Fryske skriuwtaal korrekt te brûken. It giet dan bygelyks om (online) wurdboeken, staveringshifkers en oersethelpen.

#### [Refleksje]

Learlingen leare om te reflektearjen op de eigen Fryske taalûntjouwing troch de eigen feardichheden te ferlykjen mei bygelyks de doelen yn it referinsjeramt Frysk. Se kinne antwurd jaan op de fragen: wat kin ik al begripe, sizze, lêze en skriuwe yn it Frysk en wat wol ik noch leare?

Troch te reflektearjen op de eigen Fryske taalûntjouwing sille learlingen in positive hâlding krije as it giet om it learen en behearskjen fan de Fryske taal en dêrtroch fergrutsje se har motivaasje.

# SJOCH OM 'E HOEKE: FERLINE, NO EN TAKOMST

## Grutte opdracht 3: Fryske taal & kultuer yn it no, it ferline en de takomst

*Oer de Fryske maatskippij, de omjouwing en it kultureel erfgoed [1] fan it ferline, it no en de takomst. Oer de rol en wearde fan de Fryske kultuer foar de ynwenners fan Fryslân.*

[1] Ta kultureel erfgoed wurdt rekkene: alle materiële en ymmateriële saken dêr'tst bewust en ûnbewust wearde oan hechstest en dy'tst foar de takomst behâlde wolst.

### Relevânsje

Kennis fan de Fryske kultuer helpt learlingen om de Fryske mienskip mei har tradysjes en taalgebrûk better te begripen, te wurdearjen en yn stân hâlde te wollen. Dy kennis helpt learlingen om har ferbûn te fielen mei de Fryske kultuer en foarm te jaan oan de Fryske mienskip troch aktyf boargerskip (sosjale partisipaasje en kulturele belutsenens).

Kultuer en kultureel erfgoed binne algeduerigen yn beweging. It tinken oer de (Fryske) kultuer en syn skiednis feroaret troch de iuwen hinne en nije generaasjes komme hieltyd foar nije útdagingen te stean. De bewustwurding dat kultuer dynamysk is, jout learlingen de mooglikheid om in kar te meitsjen yn wat se no en foar de takomst weardefol fine foar harsels en de mienskip.

Troch te lêzen en te harkjen nei ferhalen, lykas skiednisferhalen, hjoeddeiske ferhalen, berne- en jeugdliteratuer, en troch oer dy ferhalen te praten, komt net inkeld yn de kunde mei it no, it ferline en de takomst, mar ek mei dysels en oaren.

### Ynhâld

#### [Kennisoerdracht]

Learlingen leare oer de Fryske kultuer (skiednis, omjouwing en lânskip, arsjitektuer, keunst, literatuer, tradysjes en noarmen en wearden).

Learlingen leare oer de politike en sosjale wearde fan de Fryske taal foar de Frysk- en net-Fryskpraters yn Fryslân en foar de Fryske mienskip fan no, earder en skielk.

Learlinge leare oer it rjocht om it Frysk te learen en te brûken lykas beskreaun yn ûnder oaren it Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen. Se krije ynsjoch yn de ferhâldingen tusken mear- en minderheidstalen, taalfariëteiten, dialekten en aksinten.

Learlingen krije ek ynsjoch yn de ferbining tusken kultuer en taal. Noarmen en wearden wurde utere yn taal en wurden en útdrukkingen binne keppele oan de kultuer en tradysjes, sa as Fryske sporten, of spesifike ûnderdielen út de Fryske maatskippij, lykas de lânbou.

### [Belibje, ûndersykje en ûntdekke]

Learlingen belibje en ûndersykje it Fryslân fan earder, no en de takomst troch it meimeitsjen fan en it meidwaan oan kulturele aktiviteiten, âlde en nije monuminten yn de (direkte) omjouwing te besykjen en te bestudearjen en troch har yn te libjen yn Fryske ikoanen en situaasjes. Learlingen leare om har te ferpleatsen yn oare persoanen en tiden en ûntwikkelje sa in histoarysk referinsjeramt mei kennis oer persoanen, foarfallen, ferskynsels en ûntjouwingen yn Fryslân. Dat helpt har om it hjoeddeiske Fryslân better te begripen en te wurdearjen.

Learlingen ûntdekke dat kultuer bûn is oan tiid en plak troch de Fryske kultuer fan no te ferlykjen mei dy fan earder, mar ek troch dy ôf te setten tsjin oare kultueren.

### [Refleksje en miening]

Learlingen ûndersykje de Fryske kultuer en it kultureel erfoerd en wat oaren de muoite wurdich fine om te bewarjen. Learlingen leare om wurden te finen foar wat sysels weardefol fine om foar takomstige generaasjes te bewarjen.

### [Frysk as doeltaal en fiertaal]

De Fryske taal wurdt funksjoneel ynset by it learen oer en belibjen fan de Fryske kultuer. Soks befoarderet in iepen hâlding tsjin de brûkers fan it Frysk en de Fryske kultuer oer. Dêrmei ûntwikkelje learlingen talige kompetinsjes en in positive hâlding dy't har yn steat stelle om effektyf en adekwaat te kommunisearjen yn de meartalige en multykulturele mienskip yn Fryslân en dêrbûten en yn de digitale wrâld.

# SIN' EN WILLE

## Grutte opdracht 4: Taalkeunst & taalwille

*Oer de ekspressive en affektive funksje fan it Frysk.*

*Oer it fergrutsjen fan de talige kreativiteit en taalwille troch te eksperimintearjen mei de Fryske taal.*

### Relevânsje

It genietsjen fan de skjintme fan de Fryske taal en it reflektearjen op taalfoarm, taal- en wurdgebrûk yn keunst en literatuer, draacht by oan in positive hâlding oangeande it Frysk en taal yn it algemien. Foar it taalbehâld fan it Frysk is it wichtich om Frysktalige, rike teksten, lykas hjoeddeiske en histoaryske literatuer, lêze te kinnen en te wollen.

Taalwille fergruttet de motivaasje om in taal yn al syn fasetten behearskje te wollen. Eksperimintearje mei de Fryske taal en it kreëarjen fan eigen taalkeunst draacht by oan it fergrutsjen fan de talige kreativiteit en fantasij, mar ek oan taalkennis, wurdskat en behearsking fan de Fryske taal.

### Ynhâld

#### [Taalwille]

Troch te eksperimintearjen mei de Fryske taal en yn 'e kunde te kommen mei kreative foarmen fan taal, komt de klam op de affektive kant fan taal te lizzen: taalwille hawwe en reflektearje kinne op de skjintme fan de Fryske taal en taal yn it algemien.

#### [Meimeitsje | Belibje]

Learlingen belibje de Fryske taal troch te harkjen nei Frysktalige keunstsinnige en ekspressive aktiviteiten, sa as toaniel, musikals, films, flogs, muzyk, foardrachten, ensfh. Refleksje op de ynhâld en foarm draacht by oan de emosjonele ûntjouwing en persoansfoarming fan learlingen.

Der is omtinken foar lêsmotivaasje en -befoarding, trochdat learlingen stimulearre wurde om nei Fryske teksten, ferhalen en literatuer te harkjen of dy sels te lêzen. Troch it lêzen learen fan it Frysk fergrutsje de learlingen it ynsjoch yn harsels, yn oaren en yn de wrâld fan it ferline en hjoed-de-dei. It Frysk lêzen jout Frysktaligen de mooglikheid om dy ynsjoggen op te dwaan yn har earste taal, wat fan wearde is foar de ûntjouwing fan har identiteit.

Troch Frysk te lêzen fergrutsje alle learlingen har Frysktalige wurdskat en ûntploaie se har literêre kompetinsjes.

#### [Meitsje | Kreëarje]

Learlingen kreëarje talige uteringen (mûnling, skriftlik, digitaal, multymediaal) op basis fan eigen ideeën of ynspirearre troch oaren. It kreative proses kriget foarm yn aktiviteiten dy't de klam lizze op



spul, ekspresje, ymprovisaasje, fantasij en wille.

Learlingen eksperimintearje mei taal en (literêre) foarmen fan taal, lykas ferhalen, poëzij, lieten, films, raps, games, harkspullen, harkboeken, flogs, toanielstikken, musicals, ensfh.

Learlingen wurde stimulearre om harsels op in persoanlike wize yn it Frysk te uterjen troch ferskillende taalfoarmen. It taalnivo kin dêrby ôfstimd wurde op de persoanlike taal- en kognitive feardichheden en ambysjes. Troch it stimulearjen fan de (talige) kreativiteit, fergrutsje de learlingen har Fryske taalfeardigens en frijmoedigens, en krije learlingen wille yn it brûken fan de Fryske taal.

#### [Refleksje]

Learlingen wurde stimulearre om nei te tinken oer Frysktalige uteringen fan oaren en harsels. It petear kin him rjochtsje op styl, sjenre, streaming of ynfalshoeke, de foarmjouwing of de betsjutting fan de tekst of talige utering foar de learlingen sels of in (mooglike) ûntfanger. Tagelyk kin it gean oer watfoar effekt it brûken fan it Frysk hat op hoe't de tekst of oarsoarte talige utering belibbe wurdt.